



STIKELBARCHJES

KLEURPLAAT

FEBRUARI



De earste plantsjes en blomkes begjinne alwer te groeien. Komme dyn blombollen ek al op? Gesellich hê?

Guon planten meist no snoeie. Goai it snoeiôffal net alle-gearre fuort, mar meitsje der yn in rêstich hoekje in bultje fan. Hjir komme stikelbarchjes en oare bisten en planten graach om te iten, te skûljen en te sliepen.

De stikelbarchjes bliuwe noch lekker efkes sliepen, der is noch lang net genôch iten foar har.

Soest ek fêst in ynsektehotel meitsje kinne. Yn de opdracht fan dizze moanne lizze we út hoe'tst dat dwaan kinst.

WEETSJE

Komst no in stikelbarchje tsjin dy't dea liket? Tsjek dan goed oft dit wier sa is! Stikelbarchjes yn 'e wintersliep ha nammentlik in hiele lege temperatuer en fiele dus slop en kâld oan. Se sykhelje ek hiel stadich. Twivelest? Nim gewoan kontakt op mei in opfangsintrum.



Leverje dyn eigen stikelbaarchkleurplaat-ûntwerp yn foar yn it "Creatieve Egeltjes" kleurboek www.gewoonleukcreatief.nl

